

## 6. Fleane?

Wopke en Hinke hienen spul. Dat kaam sa. Wopke stie op syn lyts stuoltsje. Hy hie de earmen wiidút. Doe sei Hinke: “Wat dochsto Wopke? It liket wol asto fleane wolst. Do bist dochs gjin fûgel wol?” Wopke sei: “Ik wol it earder kinne as de dominy!

Ik oefenje alle dagen en sy oefenet mar ien kear yn ‘e wike. As ik alle dagen oefenje dan kin ik grif fleane!”

Hinke sei: “Hoe komsto derby dat de dominy besiket om te fleanen? Do likest wol net wiis!” Doe rôp

Wopke: “Al bin ik dan de jongste, ik kin noch wol goed sjen hear! Alle sneinen docht de dominy oan it ein fan de tsjerke-tsjinst de earmen wiidút. Dat liket hiel moai mei dy wide mouwen. No, en wêrom soe sy dat no dwaan? Se oefenet fansels om te fleanen!” Hinke lake har sloop: “Do bist in dom broerke hear. Wa betinkt soks no!” Wopke waard poer: “Ik bin net dom! Dat bist sels!” It wie in hiel trelit. Tytsje kaam der oan

draven, pake skarrele út syn keammerke en ik stuitere fan skrik fan ‘e stoel. Hiske fertelde doe wêrom Wopke en Hinke spul hienen. “Och leave, wolsto sa graach fleane?”, sei Tytsje, “Dan moatsto ommers op ‘e rêch fan Jona de do sitte? Mûskes kinne net fleane en hja leare it ek net. Hoe komsto derby datsto fleanen leare kinst?” Wopke gûlde deroer. Hy snokkere: “De dominy besiket it sneins ek. Ik sjoch it sels!” Doe griep pake yn. Hy sei: “Wopke tinkt teminsten nei. Dat is goed. Hawwe jimme der wol ris oer neitocht wêrom de dominy dat docht? Hinke, do kinst dyn lytse broer no wol útlaitsje, mar fertel my ris wêrom dominy dat docht?” Hinke krige in kaam. Hja wist it net. En earlik sein wie ik bliid dat pake Gurbe it net oan my frege.

Doe sei pake: “Dominy jout de minsken de seine mei. Sy seit út namme fan de Heare God dat God oeral by bern en grutte minsken wêze sil. Hja hoege nea bang te wêzen dat Hy harren ferjit. De minsken witte dan ek wer dat hja goed op elkoar passe moatte. Minsken moatte elkoar ek seinigje. Sa heart it!”

Tytsje fûn dat as minsken elkoar seinigje moasten, dat mûskes dat ek wol dwaan koenen. Ik moast earst wol in bytsje laitsje, mar pake sei: “As’t it echt mienst, dan mei it. It is yn els gefal better as spul meitsje”. Om bar binne wy doe op it stuoltsje fan Wopke klommen om de seine oan de oaren te jaan. It joech ús in goed gefoel.

It wie net makkelik om de goede wurden te finen, mar pake sei dat it neat joech as it net hielendal kloppe. No sille wy snein goed nei de dominy harkje as sy de seine jout. Wy wolle har wurden út ‘e holle leare. Kinne jimme dy wurden wol?

No, oant de oare kear. Tynus de tsjerkemûs fan de Terp



IN PROTTE LOK EN SEINE yn it nije jier!